

Wurklistpunt: 8. Akkomodaasjebelied

**Underwerp:** behearskosten

**De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 16-02-2017**

**sprekt út:**

Net te besunigjen op de behearskosten fan de sosjaal kulturele sintra "It Koartling" te Bûtenpost en "It Kluphûs" op 'e Harkema, salang't de gefolgen en konsekwinsjes dêrfan net te oersjen binne en net ynsichtlik makke binne troch it kolleezje,  
Der earst goed oerlis komme moat mei de ynstellings oer al dan net ferantwurde besunigingsmooglikheden, rekken hâldend mei eardere al realisearre besunigings en dêr ferslach fan docht oan de ried.

en giet oer ta de oarder fan de dei.

**Taljochting:**

- sawol It Koartling as It Kluphûs binne fan grutte betsjutting op it mêd fan it sosjaal kultureel wurk yn Bûtenpost en de Harkema,
- behearders binne op beide plakken spinnen yn it web fan de sosjaal kulturele aktiviteiten,
- foarlizzend sil earst helder wurde moatte wat de konsekwinsjes binne fan fuortbesuniging,
- betelle behearders kin yn dizzen net samar ferfangen wurde troch frijwilligers, yn ferbân mei wurkferkringing,
- wurdt net helder yn de stikken dat der ferfangend wurk is,
- der wurdt foarby gean oan de eardere ôfspraken dy't der makke binne.

Undertekening, namme en datum:16-02-2017

FNP  
Yde van Kammen